

## Fierljepper op het pluche

**Het vergaderseizoen zit er voor Klaas Haanstra en zijn medebestuurders van het Frysk Ljepperboun weer op. Vandaag begint op de schansen van Joure het genieten van datgene waar ze de hele winter druk mee geweest zijn: hun geliefde fierljeppsport.**

Door Edwin Fischer

**SNEEK** – De stropdas is even afgedaan, maar het smaakvolle grijze pak en de roze-witte blouse verraden de klantgerichte werkzaamheden van Klaas Haanstra. „Griene accountmanager by de ABN-Amro hjir yn Snits. Mar ik bin eins altyd op paad. By de boeren yn hiel Fryslân del. Kinst hiel bot it ferskil yn mentaliteit fermimme, mar ik kin dêr hiel goed mei omgean. Tink ek wol dat dat myn sterke punt is, mei minsken omgean. En altyd dysels bliuwe.”

Dat laatste is Klaas Haanstra, 39 jaar, ten voeten uit. „As ljepper bin ik altyd mysels west en dat bin ik no ek as bestjoerslid fan it FLB. Ik sis wat ik tink. Mar it is wol sa dat ik dat doch yn in fergadering. Mar as wy dan in beslút nommen hawwe en dat is net hoe't ik der oer tocht, dan sil ik dochts dat beslút steune nei bûten út. Want moast wol 'loyaal' oan de beslissings wêze.”

Klaas Haanstra en bestuurslid. Velen kunnen er niet aan wennen en zien hem nog steeds als 'dy fierljepper'. „Yn myn wurk ha ik der noch hieltiid foardiel fan. Se herkenne my noch steeds as ljepper.”

Het was in zijn slotjaar 2006 dat het definitieve besluit kwam om in het FLB-bestuur te stappen. „De direkte reden om yn it haadbestjoer te stappen wie omdat ik fûn dat der belied komme moast oer de yndividuele sponsoring fan ljeppers.” Haanstra won in het seizoen 2005 de Friese titel en werd daarop door De Keukenconcurrent benaderd voor het oprichten van een commercieel fierljepteam. „Se sieten al yn it darten en SBS6 hie doe ek ynteresse om it fierljeppen op tv te bringen. Ik tink dat De Keukenconcurrent sa ek by it ljeppen kaam. Mar doe ik by it bûn neifrege hoe it siet, koene se my allinnich fertelle wat net koe en ik woe wite wat al koe.”



Dat het bestuur geen duidelijkheid kon verschaffen over dit specifieke onderwerp was volgens de Workumer geen onwil. De structuur van het FLB zit zo in elkaar, legt Haanstra uit. „De ôfdielings bepale. It belied komt by de ôfdielings wei. It haadbestjoer is útfoerend. Dêr ha ik my ek yn oanpasse moatten, doe't ik yn it bestjoer kaam. Wy ha dêr de ôfrûne winter ek oer praten dat it feroarje moat. Wy moatte mear be-

liedsmatig wurde en hast dêr in bredere basis foar nedich, mei kommissjes. Ien foar PR, technysk ha wy al, sponsoring, demo, jeugd.”


De gestage verandering wat betreft bestuurscultuur is nodig ook. „Ien fan de grutte motifaasjes om op it 'pluche' sitten te gean wie ek omdat ik fûn dat de ôfstan tusken sporters en bestjoer fiersten te grut wie. Doe't ik ljepper wie, wie it de hiele simmer oan mekoar fertelle wat der allegear oars moast en better koe. Mar dan wie it seizoen ôfrûn en dan wiest der as ljepper klear mei. Dan brochten de ôfdielings hast neat yn om oer te fergaderjen.”

Haanstra begeeft zich sinds zijn bestuursfunctie dan ook graag tussen de ljeppers. „Om te hearren wat der libbet. Ik fiel my ek noch altyd in sporter. Ik tink dat in protte ljeppers my ek noch sa sjen. Se fertelle my ek wat se besich hâld. En dêr kin ik dan wol wat mei, al moatten de foarstellen foar feroarings noch hieltiid by de ôfdielings weikomme.”

Toch is de aimabele Workumer wel iets

anders geworden als bestuurder, kijkt hij tegen bepaalde zaken anders aan. „As ljepper wie ik 'bijvoorbeeld' noait foar in maksimum fan de lengte fan de pols. No snap ik folle mear dat feiligens it alderwichtigste is.” Vooral met de invoering van de carbonpols is de progressie van de springers enorm geweest. „Ik ha sels noch ien jier mei dy nije polsen sprongen, mar ik hie dy progresje noait bybene kinnen. Ik wie te âld en ik wie ek net talentfol genôch. Ik ha it altyd fan hiel hurd wurkjen hawwe moatten.”

Daarmee wil Haanstra niet zeggen dat huidige toppers als Bart Helmholt, Thewis Hobma of al die anderen niet hard moeten trainen. „Dat dogge se júst miskien noch wol hurder as ik dat die. Ik ferwachtsje dit jier ek wer in hiel moai seizoen, en ik tink dat it noch fierder gean sil dan it oare jier. Der sille mear jongens oer dy 21 meter gean. Se ha sjoen hoe Bart it docht en sille benammen de stok fierder it wetter yn sette. Want dat is de ienige manier om fierder te kommen. Ik ferwachtsje dat de top in stik breder wurde sil.”



Klaas Haanstra als bestuurder (links) en in actie in vervlogen tijden bij een wedstrijd in Zwaagwesteinde (boven).  
Foto's LC/Catrinus van der Veen en Paul Janssen